

Flearmûzen



Asto simmers yn it tsjuster bûten bist, kinne flearmûzen deun by dy del fleane. It liket dat se rjocht op dy ôffleane en dy yn 'e skimer net goed sjogge. Mar se witte presys wêr't harren proai is en hoe se net tsjin dy op botse kinne. Dat komt troch harren superpower: echolokaasje.

Krekt as dolfinen brûke flearmûzen lûden en echo's om harren wei te finen en iten te sykjen. Mei harren mûle stjoere se frekwinsjes út en fange dy mei harren skerpe earen op. Dêrtroch kinne batten, sa't se ek wol neamd wurde, hiel presys ynskatte wêr't harren proai is en hoe't de omjouwing derút sjocht. Sels sa akkuraat dat se yn in folslein tsjustere romte fol hiele tinne triedden, op ynsekten jeie sûnder dy triedden te reitsjen.

Fleanende sûchdieren

Flearmûzen binne de iennige sûchdieren op 'e wrâld dy't fleane kinne. Harren wjukken bestean út in elastysk fel fan spieren, senuwen en bloedfetten dat fan 'e lange bonken fan 'e fingers, dy 't op 'e bleinen fan in paraplu lykje, nei de efterpoaten rint.

Der binne flearmûzen mei koarte brede wjukken dy't stadich fleane, mar wol hiel goed yn 'e loft draaie kinne. Oaren hawwe just grutte brede wjukken dêr't se hurd mei fleane kinne mar it draaien net sa goed mei wol.

As in bat net fljocht, dan hinget hy oan syn efterpoaten en hat er de wjukken opteard. Men tinkt dat in flearmûs ûndersteboppe hinget sadat hy maklik fuort komme kin. Hy hoecht him ommers allinnich mar falle te litten en syn wjukken iepen te slaan. Syn poaten binne útrist mei in soort blokkearsysteem. Se geane automatysk op slot sadat er net omfalle kin. Rinne kin hy nammentlik net sa goed.

Lês fierder >

Tûzen miggen per nacht

Oer de hiele wrâld binne mear as 1400 ferskillende soarten batten. Yn Nederlân komme achttjin soarten foar. Fan hiele seldsume dy't beskerme wurde oant frij gewoane. De grutste yn ús lân is de Mûsearflearmûs fan acht sintimeter lang. De lytste flearmûs is like swier as in sûkerklontsje. Alle Nederlânske soarten ite ynsekten mar it dieet ferskilt per soart. Fan flinters oant kevers en fan langpoaten oant miggen. In flearmûs kin per nacht wol tûzen miggen op.



Alle flearmûzen libje nachts. Se sliepe oerdeis en oerwinterje faak yn grutte oantallen yn grotten, kelders en beamholtes. Yn 'e simmer kinst se ek yn húzen en gebouwen fine. Se sykje tsjustere, stille plakken dy't foar ús dreech te berikken binne. Oars as fûgels en mûzen ferniele flearmûzen neat en nimme se gjin nêstmateriaal mei. Se meitsje ek amper lûd en stjonke net. Om't se faak ferhúzje, fernimst se faak net.

Flearmûzen kinne, krekt as oare bisten, syktes ferspriede, sa as it rabiësfirus. In byt fan in besmet eksimplaar kin dy siik meitsje. Pak derom noait in flearmûs op mar skilje de gemeente of in ekspert fia www.vleermuis.net.

Ingeborg Hoogsteen